

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 36 nûmer 2

septimber 2005



Redaksje:

Aant Hofstra
Durk Okkema
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Metsje Huitema
Gerard van Asselt

Adres:

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels
Sjaardaleane 7, 8734 GH Easterein
Molewâl 4, 8731 AD Wommels
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels
Tywert 4, 8731C L Wommels
Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein

tillefoan:

0515-332364
0515-333005
0515-332482
0515-331444
0515-333295
0515-332181

Bestjoer:

Rienk Wiersma Itingewei 4, 8735 HT Itens
Ymie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard
Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Tinus Hoekstra Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein

Dukke v/d Wey Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein
Jappie Wijnia De Jister 3a, 8731 EB Wommels
Eddy de Boer Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein
Enne Jeh. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein
Roel Sijbesma De Singel 17, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332400
0515-332149
0515-332570
0515-331866
06-41576819
0515-332340
0515-332245
0515-331533
0515-332013
0515-332186

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat
2° ponghâlder
Foarsitter jongerein
Lede-administraasje
PR en Reklame
Sen. / Technyske saken

Jongereinkommisje:

Jappie Wijnia De Jister 3a, 8731 EB Wommels
Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Anco Elgersma Learloaier 1, 8456 JC de Knipe
Pieter Groenveld 't Bosk 18, 8731 BL Wommels
Anne Hallema De Singel 19, 8734 HP Easterein
Syb Overal De Singel 7, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332245
0515-333134
0513-333927
0515-333927
0515-332928
0515-331532

funksje:

Foarsitter
Sekretariaat
Skriuwer
Algemiën lid
Algemiën lid
Algemiën lid

Wedstriidsekretariaat

Tinus Hoekstra Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein 0515-331866 senioren/junioren
06-41576819
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein 0515-333134 Pupillen

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein en materialen:

Andries Stuiwer A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein
Hans Kooistra De Singel 9, 8734 HP Easterein
Harm Bergsma Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein

tillefoan:

0515-332872
0515-331560
0515-332476

Konsul:

Pier Faber, 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje:

34.95.01.033 Rabobank Bolsward e.o.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H**Korrespondinsje besorging Treffer:****Tillefoan:**

Easterein:	Dukke vd Wey, Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein	0515-333240
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Easterein	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 50,95	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 36,75	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 65,10	it healjier
A- en B-junioren:	€ 40,45	it healjier
C-junioren:	€ 34,10	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 27,80	it healjier
F-pupillen:	€ 24,10	it healjier

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,-

Foar leden en stipers is de tagong fergees.

Stipers

Stipers fan € 12,- (of mear) yn it jier, krije “de Treffer” fergees. Wurdt “de Treffer” mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

Klup fan 50

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, “de Treffer”, fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynljochtings kinne jo skilje mei Willem Twijnstra (till. 0515-332570).

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan 'e jongereinkommissje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde prosedure as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek nog in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Neiere ynformaasje is te fynen op: **www.vv-sds.nl**


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

24 oktober

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: detreffer@vv-sds.nl



Seal of Fjild?



side 7

SDS D3 hat in nije taktyk!



side 9

Nieuw-Noord Olé oan kop!




side 14/15

Ynhâldsopjefte

Fan de redaksje	4
Fan it bestjoer	4
Fan de skeids.....	5
Samar in wedstriid	6
Oan 't wurd.....	7
SDS D3 wol tsjindoelpunten foarkomme	9
't Himd fan 't liif.	10
Join the winning team.....	11
Relatienummers KNVB	12
SDS A1 junioren.....	16
SDS C1 skriuwt histoarje	17
De jeugd op 'e tekst.	19
Net leuk	20
Sibe	21
It ljocht op in sponsor	22
Standen per 25 septimber	23
Standen Futsal.....	26
Doelpuntenmakers	27
'Times, They Are A-Changin'	28
Útnoeging Sportpark "De Skoalleseize" Easterein	29
Trefferkes.....	30
Aginda	32

Fan de redaksje



It fuotbalseizoen is wer losbarsten. Mar goed ek want foar in bult minsken is de simmer in hel sûnder fuotbaljen.

Nei de simmer liket alles yniens wer oars. Net mear op sneintejûn foar Studio Sport, Wichard Deinum spilet net mear yn SDS 1, der wurdt net mear yn Wommels traint, in prachtich moai trainingsfjild, nije gesichten op it trainingsfjild, gjin derby mear tsjin Nijlân, de webside is wer wat feroare(meinammen noch mear besikers) en ek de Treffer is wer in bytsje feroare.

Wy kinne Gearard van Asselt wolkom hjitte yn de redaksje fan de Treffer. Hy debutearet yn dizze Treffer mei "It ljocht op in sponsor". Fierder hawwe wy inkelde nije rubryken. yn dizze Treffer. It giet om; Times they are a' changin' en De jeugd op 'e tekst. Foar de âlderein en foar de jongerein wat. Wy binne bliid dat wy hieltiten mear oanlevere krije troch SDS-leden en -yntereseerden. Dit hâldt de klup libjend ûnder sawol supporters as spilers. Wy hoopje ek de kommende tiid in soad stikjes binnen te krijen. Tink der wol om dat de stikjes net te lang binne. Foar de Treffer net grutter as ien side. Oars bliuwt der sa min oer foar de rest en wurdt it soms min te lêzen.

Hawwe jimme noch tips foar ús foar de Treffer of de webside mail it dan efkes nei info@vv-sds.nl of sprel in lid fan de Trefferredaksje oan.

Wy winskje jim in soad lêswille ta!

(WW)

Fan it bestjoer

De kop is der ôf. De earste kompetysje wedstriden binne spiele. Mei 21 teams binne we los. En wat in dream debut foar it jongste team: F4, in 12-5 oerwinning, prachtich jonges!!

De senioaren ha einepike waar troffen, de junioaren bin al in pear kear oan't himd ta wiet wurden, mar alles koe oan't no ta troch gean, hopelik hâlde we it sa. De resultaten fan ús flaggeskip hâlde noch net oer, mar we hâlde de moed deryn. De koprinners ha we no mar fêst hân. It is foar sawol spelers as bestjoer in stapke heger yn de 1^e klasse. De ambysjes, it niveau, de entreeprizen alles leit wat heger, mar we besykje ús der by oan te passen. Sa binne we noch drok dwaande om in elektronysk scoreboerd te krijen, it liket ek wol te slagjen, mar it giet net sa ien, twa trije. Der moat jild foar op't kleed komme en der moat fergunning foar oanfrege wurde, mar we rekkenje der op dat it nei de winterstop brukt wurde kin.

Ek de (senior + A- en B-junioaren) leden moat wat mear ta de bûse, dat is te sizzen dat kin sa wêze, elk is frij om syn lotten wer troch te ferkeapjen, mar der wurdt op rekkene dat alle leden trije Grote Clubactie lotten keapje. Ek út it draaiend rad komme in part fan de ynkomsten, dus dat moat wol draaien bliuwe. Lokkich ha we Akke Hulzinga ree fûn om dit mei help fan noch in frijwilliger foar ús te fersoargjen.

Foar safier de berjochten fan it bestjoer. In sportief seizoen tawinske.

Immie

Fan de skeids



In de vorige bijdrage heb ik iets verteld over de spelregels. In het maandblad de scheidsrechter vond ik dit nog als aanvulling. Ik wil u dit niet onthouden.

Wel of geen veldverwijdering? Wel of geen vervanging? Het gezag van de scheidsrechter begint zodra hij het speelveld betreedt. Het gezag van de scheidsrechter duurt totdat hij, na het fluitsignaal voor het einde van de wedstrijd, het speelveld verlaat (nieuw). In deze tussenliggende periode heeft hij dus de bevoegdheid om persoonlijke straffen uit te delen. Hij kan dit o.m. kenbaar maken door het tonen van de gele of rode kaart. Als een speler voor aanvang van de wedstrijd in zijn kleedkamer, of op weg naar het speelveld de scheidsrechter zou beledigen, heeft de scheidsrechter helaas geen bevoegdheid om de betrokken persoon het meespelen te ontzeggen. Hij kan en moet het voorval in elk geval melden aan de bond. Als ditzelfde voorval zich nou voordoen als de scheidsrechter en de spelers het speelveld hebben betreden, ligt de zaak anders. In dat geval, tot het moment waarop de bal na een teken of fluitsignaal van de scheidsrechter, voor het eerst aan het rollen is gebracht, zal de scheidsrechter de betrokken speler van het speelveld zenden door het tonen van de rode kaart. Deze betrokken speler mag wel nog vervangen worden. Het is dus geen wissel. De procedure tijdens de wedstrijd is alom bekend. Na het wegzenden mag er geen

vervanger toe gelaten worden. De rust is in feite de afsluiting van het eerste deel (1^{ste} helft) van de wedstrijd. In de rust houdt de scheidsrechter zijn bevoegdheid. Dezelfde speler mag nu wel in de kleedkamer, of op weg naar het speelveld het verder meespelen ontzegt worden. Er mag dus ook geen vervanger toegelaten worden. Hier zit echter een addertje onder het gras. Als deze betrokken speler een wisselspeler zou zijn, die in de rust voor een eerdere speler is ingevallen, dan mag de scheidsrechter deze speler in de kleedkamer, of op weg naar het speelveld en zelfs staande op het speelveld wel wegzenden door het tonen van de rode kaart. (mits er nog niet afgetrapt was) deze speler mag echter wel vervangen worden (geen extra wissel dus). De wissel is nl. pas onherroepelijk zodra de het tweede deel van de wedstrijd (2^{de} helft) is begonnen, dus zodra de bal reglementair is getrapt. Het is niet iedereen duidelijk dat het voorgaande alleen betrekking heeft op de situatie waarbij het spel onderbroken is, de scheidsrechter toestemming heeft gegeven om te wisselen en de vervangen speler het speelveld heeft verlaten. Voor een wissel tijdens de rust is sinds 1986 niets veranderd: deze is en was onherroepelijk op het moment dat de bal voor het begin van de tweede helft in het spel is gebracht. De rust is dus geen onderbreking van de wedstrijd, maar de afsluiting van de 1^{ste} helft van de wedstrijd. Let u als scheidsrechter hier dus op bij het toepassen van de invaller bepalingen.

Douwe Dirk Reitsma.

Samar in wedstriid

SDS Veteranen – Heeg Veteranen

Op sa wat de waarmste dei fan dizze simmer moasten de al wer in jier âlder wurdende feteranen fan SDS oantrede tsjin Heech. De earste offisjele wedstryd waar spile yn it kader fan de beker en skiedsrjochter Evert Tanja makke syn debút yn dit bekertoernooi.

Fan Heeg wie bekind dat it in goed spyljende ploech wie en mei de gestreepte sjurts liket it ek altiten sa dat se suver in man mear yn it fjild stean ha. Heeg bruts de skore ek iepen nei min

ferdigenjen (neffens Matty D.) SDS krige seker ek wol kansen en besocht mei goed posysjespul de bal by de spitsen te krijen.

Foaral foaryn lei in protte snelheid, want mannen as Ype Tiemersma, Roel Sijbesma en Wichard

Deinum drave de 100 meter sa binnen de 15 sekonden.

SDS kaam nei in goeie oanfal op 1-1 en Roel Sijbesma die dit mei klasse. Lofts oannimme (of wie it rjochts) en rjochts (of wie it lofts) hurd yn it dak fan it doel sjitte.

It bleau nei dizze 1-1 boeiend want beide ploegen setten goeie oanfallen op. It wie Wichard Deinum dy't op eigen krêft frij foar de doelman kaam en dizze goed omspile. It tredde doelpunt wie ek in juweeltsje. Wouter Hylkema krulde

fanôf lofts foar it doel de bal prachtich oer de doelman en ûnder de latte en binnen de peal.

Mei 3-1 waard er theedronken. Nei it skoft waard it spul net better. Heeg woe wol graach mar miste de echte klasse. Boppedat stie it sintrum mei Tjeerd Dijkstra en Wouter Hylkema as in hûs. De ballen dy't noch wol trochkamen wiene in prooi foar Jaap Boekholt. De kondysje begûn oan beide kanten wol wat in rol te spyljen en der kaam hieltyd

mear romte. Doelpunten koene dan ek net útbliuwe.

Neidat Ype T. op de latte sketten hie, Wouter krekt neist, Wichard hurd oerkaam dochs dy 4-1 op it tinkbyldige skoreboerd. Ids joech in lange bal op Ype, dy spile gelyk troch

en Wichard wist wer te skoren.

Heeg kaam noch in kear werom mar yn de skimen wie it slotakkoord foar SDS. Wouter me de lange bal op Wichard, Wichard de bal oan de efterline ta en Ype T. skoord om doelpuntsje ek wer. De spilers fan SDS wiene: Jaap, Ype B., Jelle, Tjeerd, Wouter, Sipke, Ids, Anco, Wichard, Ype T en Bertus en Stoffel kamen der yn wadde helte bij.

(AH)



Ek dit jier is Ids Boersma wer lieder fan de feteranen ploech dy't yn de kompetysje as SDS 4 fuotbalje

Ik bin tefreden mei dit resultaat

Oan 't wurd



Peter Sybesma

By de list fan nammen dy 't dit seizoen stoppe binne kamen wy ek de namme fan Peter Sybesma tsjin. De lêste jieren kaam hy net folle oan fuotbaljen ta troch ferskeidene ferfelende blessures. Peter spile sa 'n 14 jier yn SDS 1 en wy woenen dit ôfskie dan ek net ûngemerkt foarbygean litte. Wy noadigen him út foar in djipgeand gesprek.

Hoe lang hasto by SDS fuotballe?

Ik bin begûn by SDS doe 't ik 7 jier wie. Ik begie doe yn de E's. Ik haw it folhâlden oan 't myn 32^e op it fjild. Ik fuotbalje noch wol by SDS 1 yn de seal.

Wa hasto allegear as trainer hân?

Yn de jeugd wit ik it net sa goed mear. Ik haw thús der al oer neitocht mar koe net folle nammen betinke. Yn de jeugd haw ik yn elts gefal Klaas Okkema as trainer hân. Yn de senioaren krige ik earst Hylke de Vries as trainer. Dernei kamen

efterynfolgens Gerlof Sloterdijk, Klaas Dijkstra en Kees Jansen. ûnder Lykle Bleekveld foarich jier haw ik gjin wedstriid mear spile.

Wannear makkesto dyn debút by SDS 1?

Dat wie noch ûnder Jan Ydema. Ik spile noch yn de A-junioaren en gie dêrnei mei SDS 1 mei op 'e bank. Welke wedstriid ik presys debuteare wit ik net mear.

Wat wie dyn hichtepunt op it fjild?

Dat binne der meardere. De earste 2 jier yn de senioaren waard ik mei SDS 1 lyk kampioen yn de 1^e en de Haadklasse. Fierder wie de beslissingswedstriid tsjin 't Fean '58 yn Ljouwert in hichtepunt. Wy wûnen en promovearden nei de 2^e Klasse. De 2 wedstriden dy 't ik fuotballe tsjin SC Heerenveen fûn ik ek wol hiel spesjaal. De earste kear spile ik tsjin in donkere jonge by SC Heerenveen dy 't op proef wie. Hy skopte der al in pear yn mar waard net oannommen. Syn namme wit ik sa net mear. De 2^e kear spile ik tsjin Jeffrey Talan. Dit wie ek net in minnen. Yn de seal haw ik letter ek noch wol tsjin him fuotballe.

Do hast in ferskriklike moaie traap yn dyn linkerfoet. Hasto no ek in favoryte fuotballer mei in gouden linkerfoet?

Ik haw net in favoryte fuotballer. Wol haw ik in favoryte klup en dat is Feyenoord.

Is dyn soan Rutger(1 jier) ek links?

It makket him noch neat út mei welke foet as der skopt. Hy is al bliid as der stean bliuwt.

Hast dyn hele carriêre linksbûten stien?

Yn it begjin al. Ik wie de man fan de foarset en Jappie Wijnia kopte de ballen der meastentiids yn. Ik tink dat Jappie it meast skoort hat út foarsetten fan my. Pas de lêste jieren kaam ik mear op 'e linksheal te fuotbaljen.

Hoe bist blesseard rekke?

Ik krige yn de rin fan 'e jieren hieltiten mear lêst fan 'e ljisk. Troch it fuotbaljen fansels mar ik troch it swiere wurk wat ik die (Peter wurke yn de bou). Letter krige ik mear lêst fan 'e knibbel. Ik haw de lêste jieren in soad sukkele mei blessures. Mei troch it wurk haw ik beslúten om earst mar hielendal mei it fjildfuotbaljen

tsjinkomme as leider of trainer fan in ploegje?

Foarearst net. Myn frou, Geartsje, wurket ek en wy hawwe in lytsen, dêrnêst haw ik it drok mei myn wurk en sealfuotbalje ik noch. Ik haw der no dus gjin tiid foar. Yn de takomst liket it my miskien wol wat.

Hiest ek op in ôfskiedswedstriid rekkene?

Nee, hielendal net. Dat hie my ek neat like. Dêr bin ik it type net foar.

Hoe bist eins by it sealfuotbaljen kommen?

Ik fuotballe al in skoft op snein foar de



te stopjen. Ik haw no in eigen bedriuw en je rinne dochs in grut risiko dat je wer wat krije.

Sjochst dysels alwer ris op it fjild fuotbaljen?

Dat hinget der fanôf. Ik wol no earst in skoftke fit bliuwe en miskien dat ik mei in pear jier wol yn in leger team fuotbalje wol.

Kinne wy dy binnenkoart ek by SDS

Greidhoeke doe 't wy beslúten om mei dat ploegje de kompetysje yn te gean. Ynmiddels is dit alwer it 7^e jier dat wy meiinoar fuotbalje. Wy spylje ynmiddels yn de 1^e-Klasse en hawwe yn 2004 de Midwintercup wûn. Dat wie fansels it grutste hichtepunt yn myn carrière as sealfuotballer.

Hast ek noch doelen mei it sealfuotbaljen? No 't der 6 ploegen oergean nei de Haadklasse is der in

kans om dit jier nei de Haadklasse te promovearjen?

Om my hoefe wy net per sé nei de Haadklasse. Myn doel is om sa lang mooglik fit te bliuwen en dus sa lang mooglik fútbaljen te kinnen. De 1^e-Klasse is foar my op dit momint heech genôch. Miskien as ik wer wat fitter bin en wat mear oan myn kondysje dwaan kin dat it my wol wat liket.

Ta beslút haw ik noch inkelde nammen wêrsto efkes koart antwurd op jaan meist.

-Koeman of Van Marwijk?

Van Marwijk. Koeman moat him earst

noch mar bewize al docht hy oan 't no ta knap.

Klaas Dijkstra of Kees Jansen?

Klaas Dijkstra. ûnder Kees Jansen haw ik net faak fútbalje troch blessures.

Swart-wyt of Read-wyt hert?

Swart-wyt.

Fjild- of sealfútbalje?

As ik echt kieze moat dan kies ik dochs mar sealfútbaljen.

Hjirûnder ek noch efkes Peter syn SDS-super-11.
(WW)

SDS-Super11 fan Peter Sybesma:

	Egbert Bootsma	
Gerrit Terpstra	Floris Hiemstra	Jan Weijer
	Wouter Hylkema	
Wichard Deinum	Gert-Jan Hiemstra	Harm Stremmer
Hendrik de Jong	Jappie Wijnia	Robert Sybesma

SDS D3 wol tsjindoelpunten foarkomme

Mei 39 doelpunten tsjin yn twa wedstriden, hat coach Jaap Zijlstra in nije taktyk betocht foar D3. 14 man op doel.



't Himd fan 't liif.



Ik bin Wimke Merkus en hear by Syb Overal (S.D.S 2 en 3)
En wy wenje tegearre yn Easterein.
Ik wurkje yn Ljouwert by de Etos op it Cambuurplein, mar ik bin net “fan” fan Cambuur!
It is AJAX of HEERENVEEN en S.DS. natuerlik.

Hoe fynsto it dat dyn freon fuotballet?

Ik fyn it leuk om der hinne te gean.
En dan is it hielendal leuk as Syb mei fuotballet.

Ik fyn dat der een leuke hobby had.

Moatte jim ek wat spesjaals ite op sneon?

Ja, it leauwst macaroni of spaghetti fan mem.

De a la Wimke Macaroni is sunder griente en dat fynt Syb net sa lekker.

Binne der fierder ek fester rituelen foar de wedstriid?

Syb is hiel bygelofig mei it fuotbal.
Hy moat deselde sokken under de klean oan ha.

Want oars ferliest hy.

En de reis nei it fuotbalfjild ta is ek altyd itselde.

Fielsto ek wat fan de wedstriidspanning fan Syb?

It is op sneon hiel unrestig thus !!!!

Hy ropt en raast en draaft nei it huske.

Hy is hiel gespannen foar de wedstriid.

Hy wol mar ien ding en dat is winne.

Komst ek te sjen by de wedstriden?

As ik frij bin kom ik al efkes te sjen.

Mar dan wol de thúswedstriden.

Je treffe der altyd wol minsken.

En oars bin ik ek sa wer thus.

Wat fynsto Syb syn moaiste fuotbalmomint?

Yn de wedstriid makket Syb

wol faak een schwalbe.

Dat is moai om te sjen.

En de momenten dat se winne of kampioen waarden.

Allegeare leuke dingen fan it fuotbal.

Sex foar de wedstriid?????

Gjin probleem dat moat kinne.

Wat wolst do noch kwyt?

Dat Syb gauw wer út dit dipke komt mei syn knibbel.

En dat der dan wer lekker fuotbalje kin!!!

(MH)

Join the winning team

Wichard Deinum is de nije skriuwer fan SDS 3. Alle wiken skriuwt hij in wiidweidich ferslach fan de ferrjochtingen fan SDS 3.

Wy wolle de wedstrydferslaggen per alvetal beheine ta maksimaal ûngefear ien side, omdat alles op www.vv-sds.nl te finen is.

Derom hat de redaksje in greep dien út de ferslaggen fan SDS 3.

3-9-2005

SDS-3 begint vorm te krijen

SDS 3 wint oefenwedstryd tsjin Broekster Boys.

Ut it ferslach: *We besloten om Gerard bij hun in de spits te posteren en Jan kwam op de goal en omdat Lieuwe na de eerste helft naar huis moest speelden we tien tegen negen*

Gerard gaf zijn visite kaartje af door 2-4 en 3-4 te maken, al zat aan beide doelpunten een buitenspel lucht.

Utslach: 3-8 : Doelpunten Wichard (4), Albert Jan (3) en Anco

10-9-2005

Aanvallend onmachtig sds-3 komt in eerste competitiewedstrijd tekort

Ut it ferslach:

- Tegen het geroutineerde Blauw-Wit kwamen we duidelijk stootkracht tekort zodat het een kwestie van tegenhouden werd en proberen te loeren op de counter om zo sneekie 3 punten proberen te stelen.
- Met nog 15 minuten te gaan, gooiden we alles op alles en door wat nonchalant uitverdedigen van de gasten werden we in het zadel geholpen. Wichard onderschepte een breedte pass en kon alleen op de goal af, Harm-Auke naast hem pikte het leder op en schoof de 1-2 binnen.
- Een counter werd ons fataal 1-3.

17-9-2005

Goed spelend SDS-3 boekt ruime overwinning in Franeker

Ut it ferslach

- Hierna werd het van de kant van Franeker een grote schop partij en werden Jelte, Wichard, Jan en Anco om beurten aangepakt, en de laconiek leidende scheids trad niet op zodat het bijna uit de hand liep. Wij bleven het koppie erbij houden en voetbalden lekker verder en wisten de score uit te bouwen tot 1-5.
- Drie mooie punten en een hele fijne score waren het gevolg zodat we nu weer keurig in de middenmoot staan en een redelijke start van de competitie hebben. Het was vanmiddag tevens het debuut van onze grens Yvo Donath en hij vlagde een goeie pot Doelpunten wiene der fan Auke Hiemstra, Sybren Nauta, Anco Elgersma en Gearard Posthumus (2).
-

Relatienummers KNVB

Alle trainers, leiders, fersoargers en skiedsrjochters en flaggers hawwe harren eigen nûmer by de KNVB. Dit nûmer wurdt brûkt op de wedstrydformulieren. Hjir de nûmers fan dizze frijwilligers:

Relatienummer	Achternaam	Tussenvoegsel	Roepnaam
GDKN362	Asselt	van	Jan
BGCC10R	Boer	de	Tamme
BGCC13K	Boersma		Ids
BGCC17O	Brouwer		Anne Enne
BGCD24T	Bruinsma		Jehannes
BGCC21L	Dijkstra		Tjeerd
BFWS463	Frankena		Marcel
BGCF80T	Haan	de	Klaas
FYTJ29P	Hallema		Anne
BGCC47X	Hiemstra		Geert
BGCF73J	Hofstra		Gerlof Jan
BGCC43T	Hylkema		Wouter
LXKM36A	Jong	de	Jan
BGCD92E	Jong	de	Durk
LXLH40X	Jorritsma		Ynse
LVYN42M	Los		Jan
BGCF85O	Meijer		Hille
BGCF99V	Meijer		Keimpe
BGCF89S	Okkema		Klaas
BGCC572	Okkema		Durk
BGCD577	Overal		Samme
BGCC54X	Overal		Willem
LVYN40U	Pompstra		Klaas
FWTN66W	Posthumus		Appie
BGCC664	Postma		Sjoerd
LXWS874	Stapersma		Jan
BGCC767	Strikwerda		Jan
FYSK73W	Tanja		Evert
LVYN41L	Valkena		Jan Erik
GMCH83R	Vink		Andre

Út de âlde doaze.....SDS C3 1982-1983



Steande f.l.n.r. : Jan Willem Zigterman, Simon Schoon, Johan Drost, Klaas Hingst, Peter Klooster, Rene Reinsma, Jan Bas de Boer, Marco Haagsma, trainer-leider; Wim Bakker. Sittende f.l.n.r. : Henk v/d Weert, Arnold Eisma, Marco Bos, Gerrit Terpstra, Leo Smit, Sake Haakma.

Hjirboppe sjogge jim SDS C3 út it seizoen 1982-1983. It team waard op sloffen kampioen. Sy hienen 34 punten út 18 wedstriden(doe krigen je noch 2 punten foar in oerwinning). Sy makken 118 doelpunten en krigen der mar 9 tsjin. Arno Eisma en Teun Gaastra(stiet net op 'e foto) keepten om de beurt. Wim Bakker wie de entoesjaste trainer fan dit ploegje. Hy hie foar ferskeidene jonges in bynamme sa as; "René altijd raak", "Henk van der Weert hij loopt gesmeerd", de gevreesde linksbuiten "Klaas Hazewindhond" en "onze snelle mug", Marco Haagsma.

Wim Bakker wie altiten yn foar in ferrassing. Sa tovere hy yn de kampioenswedstriid tsjin Frensjer C6 in fantasy-opstelling út de bûse wêr 't sy yn Frensjer noch oer prate. De leider fan Frensjer C6 sei dat hy de swakke punten fan SDS C3 eksakt út de holle wist. Hy hie SDS 2 wiken earder noch fuotbaljen sjoen tsjin Frensjer C7. De jonges koenen it gnizen hast net litte doe 't sy û.o. mei Arno Eisma(oars keeper) yn de spits begienen en Klaas Hingst(oars linksbûten) op 'e goal. Wim Bakker ferwachte in drege pot mar de Frensjerters waarden ôfdrûge mei 10-1. En dat ek noch wol yn Frensjer. Wim Bakker winske eltsenien oan it ein fan it seizoen yn de Treffer "veel plezier in de rest van je voetballoopbaan". Foar de measten doarde dizze loopbaan net sa lang. Gerrit Terpstra is de ienige dy 't no noch fuotballet(foar safier wy witte). Gerrit hie it yn 1982 al drok mei syn fuotbalkarriêre. Hy spile sneontemoarns earst yn C1, dêrnei yn C3 en middeis foar B1. Opfallend is dat in soad jonges mear sukses yn de muzyk hân hawwe as yn harren fuotbalkarriêre. Sa hawwe Simon Schoon, Klaas Hingst(û.o. The Zoo), René Reinsma(û.o. Bad Obsession), Marco Haagsma(Special Treatment), en Leo Smit(û.o. Xigatze) allegear yn in bandsje spile of dogge dat no noch. (WW) .

Stân SDS-League per 21 septimber

Stand	Vorige stand	Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week 1	Week 2	Totaal	Prijzen
1	2	Nieuw Hoord Ole	J.B.	Wommels	47	43	90	€ -
2	1	Op sich de beste ploeg	F.B.	Easterlittens	49	37	86	€ 12,00
3	19	The Tazmania Devils	T.d.J.	Lollum	40	41	81	€ -
4	8	Jelsmanian Devils	J.S.J.	Easterein	43	37	80	€ -
5	4	Foarhinne Ponghâlder FC	P.W.	Wommels	45	34	79	€ -
6	7	Manchester United	J.K.	Easterein	43	36	79	€ -
7	18	Ruurd Boorsma	R.B.	Bolsward	40	38	78	€ -
8	37	FC ASP	A.P.	Wommels	35	43	78	€ -
9	10	Sibe's sjokkers	S.d.S.	Skrok	43	33	76	€ -
10	11	Stichting Skoalleseize	M.H.	Easterein	42	34	76	€ -
11	14	Dumbo	L.d.B.	Easterein	41	35	76	€ -
12	20	Pik Andjivie	F.en S.S.	Easterein	39	36	75	€ -
13	28	De Koekebakkers	M.W.	Wommels	37	38	75	€ -
14	3	Eastender Nightmares	S.T.W.	Easterein	47	27	74	€ -
15	17	FC Grasmal	E.d.B.	Easterein	40	34	74	€ -
16	29	Annes	Y.T.	Wommels	37	37	74	€ -
17	56	De Knapste Jonges	A.en P.W.	Wommels	26	46	72	€ 12,00
18	5	Team Kooistra	H.K.	Easterein	44	26	70	€ -
19	30	De Lullo's	G.J.H.	Wommels	37	33	70	€ -
20	38	First Choice	M.P.	Wommels	35	34	69	€ -
21	21	Polk High United	S.v.B.	Wommels	39	28	67	€ -
22	22	Zero Tolerance	B.v.d.W.	Easterein	38	29	67	€ -
23	26	Kamp Sports	O.v.d.K.	Oudega(W)	38	29	67	€ -
24	13	Lullacy	H.E.	Spannum	41	25	66	€ -
25	51	SV Nieuw Hoord	G.P.	Wommels	30	36	66	€ -
26	12	Tom Pieter and the Heartbreakers	T. en P.W.	Wommels	42	23	65	€ -
27	6	Jeroen Brouwer	J.B.	Wommels	43	20	63	€ -
28	31	G-Force	G.V.	Wommels	36	27	63	€ -
29	36	The Mean Machine	S.W.	Wommels	36	27	63	€ -
30	25	Harm Bergsma	H.B.	Easterein	38	24	62	€ -
31	44	Super Solo de Boer	E.d.B.	Easterein	32	30	62	€ -
32	45	Atletico Ananas 1	L.B.	Easterein	32	30	62	€ -
33	16	Samarwat	C.P.	Wommels	40	21	61	€ -
34	49	P. van P.	P.L.v.d.V.	Wommels	31	30	61	€ -
35	24	Feite	F.d.H.	Easterein	38	22	60	€ -
36	35	Rienk Wiersma	R.W.	Itens	36	24	60	€ -
37	23	Durk Okkema	D.O.	Easterein	38	21	59	€ -
38	40	Flyer	T.d.B.	Easterein	35	24	59	€ -
39	50	Ype Tiemersma	A.S.	Wommels	30	29	59	€ -
40	15	FC ?	A.T.d.V.	Mantgum	40	18	58	€ -
41	43	Klussen is mijn leven	A.F.d.B.	Wommels	32	26	58	€ -
42	58	Hey Ho Let's Go	W.W.	Wommels	26	32	58	€ -
43	9	Komt dat schot....!	P.W.	Wommels	43	14	57	€ -
44	42	Op naar de top	M.F.	Easterein	33	24	57	€ -
45	46	Hoe fier komt Pier?	P.F.	Easterein	32	25	57	€ -
46	47	November Rain	G.A.T.	Easterein	31	26	57	€ -
47	53	FC Pieckenhagen	R.S.	Easterein	30	27	57	€ -
48	27	FC Munnaps	B.S.	Spannum	37	19	56	€ -
49	32	SC Hichtum	J.H.	Hichtum	36	20	56	€ -
50	57	Atletico Ananas	D.K.	Easterein	26	30	56	€ -
51	60	Hannes Vermaning	H.P.	Wommels	25	31	56	€ -
52	41	T.Z.N.(Team Zonder Naam)	S.K. en S.B.	Easterein	34	19	53	€ -
53	39	De Rotterdammer	S.v.K.	Easterein	35	17	52	€ -
54	63	Strikkies	G.S.	Exmorra	22	30	52	€ -
55	33	Pieter Kamstra	P.K.	Easterein	36	15	51	€ -
56	48	The Butchers	L.B.	Easterein	31	20	51	€ -
57	62	Skrok 11	J.d.B.	Easterein	24	24	48	€ -
58	65	SCF	M.H.	Easterein	22	26	48	€ -
59	59	Dennis en Josje	DD en JZ	Wommels	25	22	47	€ -
60	61	SC Sebeare-ein	J.d.B.	Easterein	24	23	47	€ -
61	34	Multilul	R.D.	Wommels	36	10	46	€ -
62	54	Barstool Bleus	L.H.	Wommels	29	17	46	€ -
63	52	Easpanne	M.B.	Easterein	30	13	43	€ -
64	64	P.S.V. Eindhoven	H.A.D.	Easterein	22	21	43	€ -
65	55	FC Schettens	S.F.	Bolsward	28	6	34	€ -

De stân fan de SDS-League is elke wike te sjen op www.vv-sds.nl!

SDS League

De SDS-League is wer los gien. Der dogge dit kear 65 minsken mei. Jammer genôch wat minder as oars mar de lol sil der net minder om wêze. Foar dizze kear passe wy de prizen allinne al wat oan. De prizen fan 6 oan 't en mei 10 ferfalle. Nei it winterskoft sil der fêst wer mear meidwaan en kin dizze prizen fêst wer wûn wurde.



Nei 2 wiken is it Nieuw Noord Olé fan J.D. dy 't oan kop giet. Coach J.D. kin wol wat lok brûke no 't it net sa goed mei SC Heerenveen giet en J. by syn klup RES syn ankelbânnen ferrekt hat. Betterskip tawinske!

Nieuw Noord Olé docht it wat better as harren maten fan SV Nieuw-Noord(G.P.). Al binne sy aardich op de wei nei boppe. Sy geane fan 51 nei 25..

Op sich de beste ploech fan FB sakket nei ien wike al fan 1 nei 2 mar hâldt dêrmei syn op foarhân sekere 1^e plak yn sicht. Om 't jild hoecht hy yn elts gefal net mear te dwaan want mei de 1^e wykpriis yn hannen is de €12,- al werom fertsjinne.

It giet duvelske goed mei The Tazmania Devils(TdJ) en de

Jelsmanian Devils. Sy steane 3e en 4e yn it klassemint.

De 2^e wykpriis gie nei De Knapste Jonges fan A. en P.W. It koe fansels net misse dat sy in priis pakke soenen mei sa 'n team. De knapste jonges hawwe meastentiids alles.

It mei dúdlik wêze dat A.F.d.B. him hielendal op it klussen stoarten hat en efkes neat mear mei it fuotbal te meitsjen hawwe wol. Of soe der Talpa noch net ynstalleare hawwe? Yn elts gefal docht hy it noch net sa best mei Klussen is mijn leven en stiet hy 41^e.

Noch net echt spannend is it tusken de lytse mannen:

-Pik Andijvie fan F. en S.S. stiet 12^e.

-De Lullo's fan G.J.H. steane 19^e.

-Lullacry fan H.E. út S. stiet 24^e.

-Multilul fan R.D. stiet(of leit) 61^e.

FC Schettens(S.F.) stiet nei 2 wiken al stiif ûnderoan. Sels SC Hichtum is gjin konkurrint(J.H.). Sy steane 49^e. Lokkich genôch bliuwt PSV Eindhoven fan H.A.D. aardich yn 'e buert as ien nei lêste.

Prizenjild SDS-League:

1^e prijs: € 100

2^e prijs: € 75

3^e prijs: € 50

4^e prijs: € 40

5^e prijs: € 30

Laatste: Poedelprijs

De wykpriis smyt noch altiten €12, - op.

(WW)

SDS A1 junioren

SDS A1 - Gorredyk A1 2-2 (10-9-2005)

Nei de winst tsjin Makkum en it lykspul tsjin it tredde (we hiene einliks winne moatten) kamen wy de earste kompetitie wedstriid mei it noadige selsfertrouen it fjild op. Yn de earste 20 minuten hiene we knappe kansen, Paul hie de earste treffer op 'e skuon.

Doe't de earste stoarm oer wie, kaam Gorredyk better yn harren spul. Troch harren fysieke kracht en it hanteren fan 'e lange bal rekken wy der wat ôf. We gongen yn dit foar ús ûngebrûklike spul mei. We ferlearen hast alle duels en grossierden yn foute passes. Yn it ein fan de earste helte krigen wy it deksel op 'e neus. 0-1 yn de 50ste minuut! Nei in lyts kwartier yn 'e twadde helte makke Feiko lyk nei prachtich foarbereidend wurk fan Paul. In oanfal út it boekje. Troch in frije trap (sylde yn 'e krúsing) kaam Gorredyk wêr op foarsprong. 10 minuten foar tiid makke Feiko fanôf 11 meter de lykmakker. Al mei al in terjochte útslach, al hie der mear ynsitten. Troch it scoreferrin moatte jo dan noch bliid wêze mei in punt. Klaas en Marco

Udiros A1 – SDS A1 3-2 (17-9-2005)

Nei it gelykspul tsjin Gorredyk ferliese we de twadde wedstriid fan Udiros.



De ynset is goed, it spul minder. We fuotbalje te foarspelber en in soad giet troch it midden.

De ferdediging stie goed, weinig kansen fuortjûn oan harren oanfallers. It

middenfjild hie de hannen fol oan it fysieke geweld fan de tsjinstander. Udiros waard kear op kear gefaarlyk troch goed spul op it middenfjild. Wy hiene hjir gjin antwurd op.

De oanfallers hiene de earste helte in 100% score. 3 kansen, 3 goals (in fliegende kopbal van Redmer waard ôfkeurd).

Feiko en Paul nammen de earste en twadde goal foar harren rekken. Yn de twadde hiene wy it initiatief mar koene we gjin kansen creëare.

Nei 2 spylronden ien puntsje. We halde de kop derfoar en sille nije wike opnij probeare om ús earste winstpartij te beheljen.

Klaas en Marco

SDS C1 skriuwt histoarje

31-8-2005 SDS C1 – Makkum C1 (beker)

Aant Hofstra hie it al moai op de webside setten: “SDS C1 wint spektakulêre wedstriid”, mei derby in pear moaie foto’s. In moaie start fan it fuotbalseizoen. We wienen hjoed hielendal kompleet. Trije leiders en alle spilers wienen der. Allinnich Elger koe net meidwaan omdat hy in kniesde tean oprûn hie mei it fuotbaljen yn it swimbad.

Fan te foaren efkes oerlein oer in opstelling en de jonges mei wat ienfâldige opdrachten it fjild yn stjoert foar de earste wedstriid mei dit nije C-1 team. It moaie fan bekerwedstriden is dat hja moai efkes oefenje kinne en sykje nei de goeie opstelling. De earste 20 minuten wie it in grut foutenfestival. Der wie hast gjin ien dy him oan in opdracht hâlde koe en we dienen mar wat. Makkum wie wat skerper en skeat der samar trije yn foar wy in goal meitsje koenen (Doede). De basisopstelling wie:

Andries	Arjen	Jarco
Christiaan	Doede	Wytze
Ludze	Kristian	Wiebe Jan
	Jort	
	Harm Jan	

Al rillegau moasten wy yngripe. Ludze en Kristian wikselden fan posysje en dernei waard de grutte spits fan Makkum wat better opfongen. Jacob kaam der yn foar Wytze en dernei run it fuotbal ek better. De leste 10 minuten koenen we wer meidwaan, al waard it noch wol 1-4.

Yn de rest wienen de mannen al aardich read om de holtsjes, it wie ek waarm.

Lokkich kuolle it waarme waar hurd of en dat wie gâns better. Jarco en Wiebe op de wiksel en Ayanle yn de spits en Jacob op rjochtsback. We krigen fuort wer 2 goals om de earen, 1-6, en it spul waard net better. Dochs paken de mannen it goed op en we makken noch in goal, 2-6, noch ien, 3-6 en doe wie it klear. We wikselden healwei de 2^e helte Jarco foar Arjen en Wiebe foar Kristian. Noch wat omsettingen en doe hienen we dizze opstelling:

Andries	Ayanle	Jarco
Wytze	Doede	Jacob
Christiaan	Ludze	Wiebe Jan
	Jort	
	Harm Jan	

En nee webmaster fan SDS. Klaas hie gjin donderspeech. Hy hat tsjin 1 spiler wat lûder praten en fierders ha we rêstich in analyze makke fan de 1^e helte en dernei it fjild wer op. Dizze wedstriden binne geskikt om wat út te probearjen.

It stie nei de rêst allegear wat better en we krigen mear romte en doe gie it baltsje wol run, sa ôfpraten wie. Mei gearwurking en yndividuele kwaliteiten wisten we noch twa kear te skoaren, 5-6, en liiders en publyk wisten net wat hja seagen. Efkes foar tiid waard in sels noch 6-6 troch in goal fan Andries. Fan de ôftraap of stie SDS al rillegau wer foar de goal fan Makkum en wist Ayanle de winnende treffer te meitsjen, 7-6. By de ôftraap joech skiedsrjochter Bruinsma oan dat der noch 1 minút te spyljen wie. De winst wie nei de minút binnen!

Wat is de wearde no fan dizze wedstriid? Fansels ha de liiders (en trainer Scheltema) wol sjoen wat der allegear

fout gie, mar ek wat goed gie en nei hokker opstellingen we ta kinne. De grutte winst wie hjoed it feit dat de mannen as team der folslein foar gienen. En der kinne je net op traine, dat moat fan de spilers sels komme. Derom oan de

spilers in komplimint foar harren ynset en de wil om te winnen. In spektakulêre wedstriid foar ek meinammen it publyk wat ús bystie mei in grut applaus en oanmoedigings by eltse goal fan SDS. Tige tank!



Op boppesteande foto stiet de seleksje noch efkes nei te praten oer it ferrin fan dizze wedstryd. Gelookich waard it skoreboerd bijholden, oars hie gjin minsk it leaud.

Klaas Pompstra is altyd tige aktyf mei it skriuwen fan ferslaggen. Dy ferslaggen steane allegear op www.vv-sds.nl.

Wy hawwe it ferslach fan de meast oansprekkende wedstryd der úthelle

De jeugd op 'e tekst.

Ferslach fan F3



Ik fun it hiel leuk dat we de wedstriid wûn hawwe. We wienen in goed team. It wie in hiel spannende wedstriid. Yn de earste helt hie Koen in doelpunt makke. Dernei krigen we drinken. Yn de twadde helt krigen de tsjinstanders al snel een doelpunt. Hast oan it ein fan de wedstriid scoorde ik noch in goal en dat fun ik fet cool. Inne Heerma

SDS E4 wint dik

*Hoi meneer de webmaster,
Utslag E4
Workum E3 -S.D.S E4 0 -11.*

Groetjes Marco Weijer.




Verslag F3 van zaterdag 17 september.

We hebben gewonnen met 13 - 0 van Toppenhuizen. Het was een leuke wedstrijd. Koen (6), Gerwin (4) en Inne (2) hebben de meeste doelpunten gescoord en de laatste maakte Krist.

Groeten Yward Zijlstra



Net leuk



Wa hat myn tas ûnder wetter
setten ? Leuk hear!!

Wa hat myn
oare skoech ?

Wa mient dat
ie leuk is?

**It bestjoer, de jeugdkommisje en de liederen binne tige
teloarsteld dat er yn de klaaikeamer ferfelend gedrach
west hat.**

**Ien fan de fuotbalskuon fan Eeltsje Postma is noch
altiten fuort. De oare is werom fûn yn de WC pot!!!!**

**Der binne foar it seizoen dúdlike ôfspraken makke mei
jeugdleden. It bestjoer is dan ek tige teloarsteld oer sok
ferfelend gedrach fan.....**

Ja wisten se dat mar. Dan wurdt er keihurd optreden.

**Dêrom noch ien kear in fersyk oan elkenien: Bliuw mei
de hannen fan in oar syn spullen ôf.**



In tintsje bouwe

De fakansje en de simmer
is wer foarbij. Dat docht
my deugd. Want dat betsjut
dat ik ek wer gewoan boppe de
Skoalleseize fleane kin sûnder dat in
stik hynderlear mei om de kop flocht.
It liket betiden wol oarloch mei dy
sebeare kûgels.

Sa't jim fêst wol witte hâlde minsken
fan fakansje en wy as fûgels begripe
net wat soks fan sin hat.

Fakânsje fiere (allinne dat wurd al,
ûndergean kinne je better sizze) op
ferskillende wizen. Sa sjogge wij bij
Skrok yn de Boalserterfeart in protte
boaten farren mei in hichte fan sa
ûngefear 2.46 en it skynt dat minsken
dat beskôgje as in leuke fakânsje.
Oare lju geane tydlik yn
seefûgeleftgehûskes wenjen, yn



sleepphutten sliepe, mei fleantugen nei
Turkse hotels en se binne der sels bij,
dy geane oernachtsjen yn tinten.

Oer de lêste kategory dêr moat ik mar
efkes wat fan sizze.

Want sjoch dat kampearen yn tinten
dat hat wol wat. Alleast dêr hawwe wij
as seefûgels ek noch wat oan. Alles
wat bûten leit, pikke wij sa jûns efkes
mei at it alleast te fretten is.



Wol sneu foar dy
kampearders want
ik mei dat folk oars
wol lije. Wa't ik
net lije mei, dan
binne dy lju dy't
roppe "Mij krijst
net yn in tinte".

Ik tocht dizze simmer ik moat dêr mar
ris op lette, want dat liket my noch al
grutspreek.

No ik kin jim sizze: se holden ek gjin
wurd. Dy lju dy't roppe "Mij krijst net
yn in tinte" dy seach oeral út tinten
komme. Yn Arum, yn Itens, yn
Wommels, yn Kimswert yn Penjum,
yn Skearnegoutum. En ik kin sizze se
gyngen der meast skruten yn mar
kamen der mei reade eagen, swit op de
kop en in protte praatsjes en skoften
letter wer út.

At je sokke útspraken dogge, dan moat
je je dêr ek oan hâlde.

En boppedat: ik soe it mar net te lûd
roppe yn Easterein, want wa wit sakket
de kantine dizze winter noch yn elkoar
en sille se harren bakje yn in tinte helje
moatte.

Ik haw sels heard dat at de kantine
dizze winter net ynelkoar sakket dat hij
folgende jier mei help fan in oantal
Skoalleseizebestjoerders persoanlik
omlutsen wurdt.

En dan soe it takem jier best wolris in
tinte wurde kinne, wêryn takem
simmer in bakje helle wurde kin.
Mei grutte sekerheid doar ik wol foar
te sizzen dat at dizze winter de plannen
makke wurde foar fakansjes, dat
sommigen yn Easterein earst noch ris
goed neitinke foardat se roppe: "my
krijst net yn in tinte". Want dan steane
se folgende simmer wol hiel fier
bûtenspul, tink ik. (SdS)

It ljocht op in sponsor

S. Ruiter is sponsor fan S.D.S.



Yn 1959 is der in fytsenszaak ûntstien yn Snits oan de Wijde Noorderhorne en twa jier letter is Ruiter der bij kaam. Op dat stuit wie meneer Posma dêr de ûndernimmer. Letter hat Ruiter de saak oernaam, oan't no ta.

It bedriuw runt er sels mei syn frou. Foar de drokke mominten kin hy in part-timer ynsette. Moarns betiid giet er ien de auto nei Snits ta om de saak te iepenjen. It fytske wurdt 'm net, dat kost te folle tiid. Soms sit er ek mei bestellingen foar klanten die 't er mei nimme moat.

Op de wurkflier kin jo alles ferkrije op 't gebiet fan fytsen.

Fytsen foar elkenien, ferskate accessoires, sportklean en ek sportfoeding is der te heljen.

It bysûndere fan dit bedriuw is dat it ien fan de gruttere saken is yn Snits. En dat foar in eigen ûndernimming. Omdat er moarns betiid fuort moat en jûns in oere as heal wei achten thús is, hat de hear Ruiter in bytsje tiid foar hobby's en

frijetiidsbesteding. Mar fansels, in blokje omfytse dat mei en kin hij net litte natuurljk. Easterein en Hidaard sjocht er as ien doarpke en derom fynt hij it ek mooi om S.D.S. te sponsorjen. Tuurlyk spilet nammebekendheid en in stikje reklame ek in rol.

Folgens Ruiter sels wurdt it in dreech jier foar S.D.S.1 yn de eerste klasse. Der sit in soad ferskil yn de eerste en twadde klasse, mar it soe mooi wêze at se dit hânhâlde kin. Tuurlyk is it belangryk dat alle spilers oanwêzich binne, want oars kin it noch wolris hiel dreech wurde. Hij gunt S.D.S. it alder beste.

GvA



Standen per 25 septimber

SDS 1 - 1ste Klasse E

1Oranje Nassau Gr	3	9	7 -	0
2asv Dronten 1	3	9	13 -	6
3HZVV 1	3	7	10 -	2
4PKC'83 1	3	7	9-	2
5SJS 1	3	6	5 -	5
6Holwierde 1	3	4	6 -	5
7Staphorst 1	3	4	1 -	2
8Noordscheschut 1	3	2	3 -	4
9Viboa 1	3	1	2 -	8
10BCV 1	3	1	0 -	8
11CVVB 1	3	0	5 -	11
12SDS 1	3	0	0 -	8

SDS 2 - res 1ste Klasse

1Heerenveense Boys 2	2	6	7 -	2
2d' Olde Veste'54 2	2	4	2 -	1
3SDS 2	2	4	4 -	3
4Urk 3	2	3	5 -	1
5CVVO 2	2	3	4-	3
6Noordscheschut 2	2	3	5 -	4
7HZVV 2	2	3	2 -	3
8The Knickerbockers 3	2	3	5 -	6
9ACV 3	2	3	2 -	4
10Olympia'28 2	2	2	2 -	2
11LTC 2	2	0	3 -	6
12SC Genemuiden 3	2	0	0 -	6

SDS 3 - 3e Klasse

1SC Joure 3	2	6	6 -	2
2Blauw Wit '34 3	2	4	3 -	1
3Rijperkerk 2	2	4	2 -	1
4FC Meppel 4	1	3	5 -	0
5SC Berlikum 2	1	3	3 -	1
6AVC 2	1	3	3 -	2
7SDS 3	2	3	6 -	4
8Oeverzwaluwen 2	1	0	2 -	3
9Makkum 2	2	0	1 -	3
10SC Franeker 2	2	0	2 -	8
11Leeuwarder Zwaluwen 4	2	0	2 -	10

SDS 4 - 5e Klasse

1Leeuwarder Zwaluwen 9	2	6	9 -	2
2Makkum 3	1	3	5 -	0
3Arum 2	1	3	8 -	3
4SSS'68 2	1	3	5 -	1
5SDS 4	2	3	3-	6
6Hielpen 2	2	2	5-	5
7Oeverzwaluwen 3	1	1	1 -	1
8Rood Geel 3	2	1	7 -	12
9Lions'66 2	0	0	0 -	0
10Nicator 1	2	0	1 -	5
11Stormvogels'64 1	2	0	2 -	11

SDS 5 - 6e Klasse

1Leeuwarder Zwaluwen 11	2	4	8 -	4
2Mulier 3	1	3	14 -	1
3Oeverzwaluwen 4	1	3	7-	1
4RES 1	1	3	5-	3
5SDS 5	2	3	10 -	6
6SC Franeker 5	2	3	5 -	7
7Arum 3	2	3	6 -	10
8Bolswardia 4	2	1	4 -	17
9Zeerobben 4	0	0	0 -	0
10Tzum 2	1	0	2 -	4
11WWS 3	1	0	3 -	5

SDS A1 - 1ste klasse

1St. Annaparochie A1	2	6	12 -	4
2Nijland A1	2	6	7 -	3
3Zeerobben A1	2	6	7 -	3
4Gorredijk A1	2	4	6 -	4
5Heerenveen A2	2	3	5 -	4
6Balk A1	2	3	6 -	5
7Jeugd Voetbal Bolsward A1	2	3	4 -	5
8Udiros A1	2	3	4 -	5
9SDS A1	2	1	4 -	5
10AVC A1	2	0	3 -	7
11Makkum A1	2	0	3 -	8
12Heerenveense Boys A2	2	0	3 -	11

SDS A2 - 2de klasse

1Sneek Wit Zwart Combinatie A2	1	3	6 -	1
2Jeugd Voetbal Bolsward A2	1	3	1 -	0
3LSC 1890 A2	2	3	7 -	7
4SC Joure A3	1	1	3 -	3
5CSL A2	2	1	4-	9
6Bergum BCV Combinatie A3	0	0	0-	0
7ONS-TOP'63 combinatie A3	0	0	0 -	0
8SDS A2	1	0	0 -	1

SDS B1 - 1e Klasse

1Balk B1	0	0	0 -	0
2Bergum BCV Combinatie B1	0	0	0 -	0
3CVVO B1	0	0	0 -	0
4Harlingen B1	0	0	0 -	0
5Jeugd Voetbal Bolsward B2	0	0	0-	0
6Makkum B1	0	0	0-	0
7RES B1	0	0	0-	0
8Renado/VVI B1	0	0	0-	0
9SDS B1	0	0	0-	0
10Sneek Wit Zwart Comb. B1	0	0	0-	0
11St. Annaparochie B1	0	0	0-	0
12Zeerobben B1	0	0	0-	0

SDS C1 - 2e Klasse

1Blauw Wit '34 C2	0	0	0 -	0
2Foarut C1	0	0	0 -	0
3Harlingen C1	0	0	0 -	0
4JVC Nylan 2000 C1	0	0	0 -	0
5Leeuwarder Zwaluwen C1	0	0	0 -	0
6Makkum C1	0	0	0 -	0
7Nijland C1	0	0	0 -	0
8Rood Geel C2	0	0	0 -	0
9SC Berlikum C1	0	0	0 -	0
10SC Franeker C2	0	0	0 -	0
11SDS C1	0	0	0 -	0
12Scharnegoutum'70 C1	0	0	0 -	0

SDS C2 - 3e Klasse

1De Walde C1	2	6	24 -	5
2NOK C1	2	6	20 -	7
3Oldeholtade C1	2	6	8 -	2
4Read Swart C1	2	3	12 -	6
5Insum C1	2	3	8 -	5
6GAVC C2	2	3	9 -	8
7Renado/VVI C1	2	3	10 -	10
8Oudehaske C1	2	3	11 -	11
9SDS C2	2	3	4 -	7
10CVVO C2	2	0	2 -	14
11DWP C1	2	0	2 -	18
12Akkum C1	2	0	2 -	19

SDS D1 - 1ste Klasse

1SC Franeker D1	2	6	13 -	0
2Zeerobben D1	2	6	13 -	1
3Leeuwarden D1	2	6	11 -	1
4FVC D1	2	6	8 -	3
5St. Annaparochie D1	2	3	10-	4
6Leeuwarder Zwaluwen D1	2	3	8-	7
7Dronrijp D1	2	3	3-	8
8TTBC D1	2	1	1-	5
9Stiens D1	2	1	2-	7
10SDS D1	2	0	1-	8
11Drachtster Boys D2	2	0	0-	11
12CSL D1	2	0	1-	16

SDS D2 - 3e Klasse

1Dronrijp D3	2	2	2-	2
2Makkum D2	2	2	2-	2
3Oosterlittens D3	2	2	2-	2
4SC Franeker D4	1	1	1-	1
5Zeerobben D4	2	2	2-	2
6LSC 1890 D4	2	2	2-	2
7LAC Frisia 1883 D6	0	0	0-	0
8SDS D2	1	1	1-	1
9SC Franeker D5	2	2	2-	2
10Workum D3	2	2	2-	2

SDS D3 - 3e Klasse

1Tzummarum D1	2	2	2-	2	6Arum D1	2	2	2-	2
2Makkum D1	2	2	2-	2	7Oosterlittens D2	1	1	1-	1
3Zeerobben D3	1	1	1-	1	8Stormvogels'64 D1	1	1	1-	1
4AVC D1	1	1	1-	1	9SC Franeker D3	2	2	2-	2
5Mulier D1	2	2	2-	2	10SDS D3	2	2	2-	2

SDS E1 - 1ste Klasse

1Leeuwarder Zwaluwen E1	2	6	6 -	6
2St.Annaparochie E1	2	6	6 -	6
3Zeerobben E2	2	6	6 -	6
4GAVC E1	1	3	3 -	3
5WWS E1	1	3	3 -	3
6LAC Frisia 1883 E2	2	3	3 -	3
7SC Franeker E2	2	0	0 -	0
8Dronrijp E1	2	0	0 -	0
9Beetgum E1	2	0	0 -	0
10SDS E1	2	0	0 -	0

SDS E2 - 2e Klasse

1St.Jacob E1	2	6	14 -	3
2SC Franeker E3	2	6	11 -	4
3Zeerobben E3	2	6	6 -	3
4Minnertsga E1	2	3	13 -	7
5St.Annaparochie E2	2	3	10 -	8
6Foarut E1	2	3	9 -	10
7Leeuwarder Zwaluwen E2	2	3	5 -	9
8SDS E2	2	0	3 -	6
9Oosterlittens E1	2	0	5 -	8
10Dronrijp E2	2	0	1 -	19

SDS E3 - 3e Klasse

1LSC 1890 E3	2	2	2 -	2
2Heeg E2	2	2	2 -	2
3NOK E2	1	1	1 -	1
4Scharnegoutum'70 E2	1	1	1 -	1
5SC Joure E5	1	1	1 -	1
6SDS E3	2	2	2 -	2
7QVC E2	1	1	1 -	1
8Sneek E3	2	2	2 -	2
9Bakhuizen E2	2	2	2 -	2
10Balk E4	2	2	2 -	2

SDS E4 - 3e Klasse

1Jeugd Voetbal Bolsward E3	2	2	2 -	2
2IJVC E3	2	2	2 -	2
3RES E2	2	2	2 -	2
4SDS E4	2	2	2 -	2
5ONS Sneek E3	2	2	2 -	2
6LSC 1890 E4	2	2	2 -	2
7IJVC E4	1	1	1 -	1
8Oosterlittens E2	1	1	1 -	1
9Mulier E2	2	2	2 -	2
10Workum E3	2	2	2 -	2

SDS F1 - 2de Klasse

1RES F1	2	6	6 -	6
2SDS F1	1	3	3 -	3
3Scharnegoutum'70 F1	1	3	3 -	3
4SC Franeker F3	2	3	3 -	3
5Makkum F1	2	3	3 -	3
6Jeugd Voetbal Bolsward F1	2	3	3 -	3
7Sneek F2	2	3	3 -	3
8IJVC F1	2	1	1 -	1
9Workum F2	2	1	1 -	1
10Zeerobben F3	2	0	0 -	0

SDS F2 - 3de Klasse

1RES F2	2	2	2 -	2
2IJVC F2	1	1	1 -	1
3SC Franeker F5	2	2	2 -	2
4Jeugd Voetbal Bolsward F3	2	2	2 -	2
5SDS F2	2	2	2 -	2
6Workum F3	2	2	2 -	2
7LSC 1890 F5	2	2	2 -	2
8Scharnegoutum'70 F2	0	0	0 -	0
9Makkum F2	1	1	1 -	1
10Sneek F5	2	2	2 -	2

SDS F3 - 4e Klasse

1Nijland F1	2	6	6 -	6
2SDS F3	2	6	6 -	6
3RES F3	2	4	4 -	4
4Scharnegoutum'70 F3	1	3	3 -	3
5Rood Geel F6	1	3	3 -	3
6Jeugd Voetbal Bolsward F4	2	1	1 -	1
7IJVC F3	2	1	1 -	1
8Heeg F3	2	1	1 -	1
9Sneek F7	2	0	0 -	0
10TOP'63 F2	2	0	0 -	0

SDS F4 - 4e Klasse

1Zeerobben F5	2	2	2 -	2
2Jeugd Voetbal Bolsward F5	2	2	2 -	2
3Scharnegoutum'70 F4	1	1	1 -	1
4SDS F4	2	2	2 -	2
5Arum F2	2	2	2 -	2
6Mulier F2	1	1	1 -	1
7Makkum F3	0	0	0 -	0
8Harlingen F3	2	2	2 -	2
9Zeerobben F6	2	2	2 -	2

Standen Futsal

SDS 1 - 1ste Klasse

1Leeuwarden 1	2	6	9-	6
2Avanti 2	1	3	7 -	3
3ZVF 1	1	3	5 -	2
4Exstador 1	1	3	4-	3
5FFS 1	2	3	16-	7
6Heerenveen 2	2	3	8-	6
7SDS 1	2	3	6-	5
8Old Forward 1	2	3	7-	6
9Futsal Club Leeuwarden 2	2	3	6-	8
10zvv Urk 2	1	0	3-	4
11Ens 1	2	0	5-	10
12Golden Oldies 1	2	0	4-	20

SDS 2 - 2e Klasse

1Haskerland 1	2	6	13-	2
2ZVH 1	2	6	8-	4
3Heerenveen 3	2	4	8-	2
4Old Forward 2	2	1	5 -	7
5Flevo Boys 1	0	0	0-	0
6SC Genemuiden 1	0	0	0-	0
7Renado 1	1	0	1 -	3
8SDS 2	1	0	2-	7
9Workum 2	1	0	0-	6
10ZVVS 2	1	0	0-	6

SDS 3 4de klasse

1Bolswardia 2	2	4	8-	6
2Langweer 1	1	3	16-	5
3LSC 1890 3	1	3	9-	3
4Workum 7	1	3	4-	0
5SDS 3	1	3	8-	4
6RES 5	2	3	13-	8
7Haskerland 7	2	3	10-	11
8WZS 7	2	3	8-	18
9Workum 6	1	1	4-	4
10WZS 6	1	0	2-	3
11RES 4	2	0	3-	13
12Haskerland 8	2	0	7-	17

Doelpuntenmakers

Nei 3 wedstriden foar de senioren (SDS1 4) is de skore dit jier net heech. It is foaral oan SDS 5 te tankjen dat er noch wat doelpunten te melden binne. Dat Gearard Posthumus wer boppe oan stiet is net ferrassend. Dat Willem Feenstra like folle hat is miskien wol ferrassend te neamen. Leuk is fansels ek dat meardere jongeren op de list steane. Hjalmar Ruiter, Tiemen Vermeulen, Sybren Nauta binne earste jiers senior. Pytrik Hiemstra, Eeltsje Postma en Jelmer van der Valk binne sels noch A-junioren. Tige opfallend is it ûnbrekken fan de namme fan Wichard Deinum. Hij giet foar de kopposysje mar skoorde allinne yn oefenduels en yn in bekerwedstryd foar veteranen.

sds

totaal



Gerard	Posthumus	III V	4
Willem	Veenstra	V	4
Willem	Wijnia	II	2
Pieter	Kamstra	II	2
Hjalmar	Ruiter	IV	2
Roel	Sijbesma	IV	2
Douwe	Kool	IV	2
Johannes	Dotinga	V	2
Tiemen	Vermeulen	V	2
Anco	Elgersma	III	1
Auke	Hiemstra	III	1
Harm Auke	Dijkstra	III	1
Sybren	Nauta	III	1
Pytrik	Hiemstra	IV	1
Eeltsje	Postma	IV	1
Rudy	Dijkstra	V	1
Jelmer van der	Valk	V	1

‘Times, They Are A-Changin’

*In nije rubryk mei âlde ferhalen.
Yn dizze rubryk eltse moanne in petear
mei in âld Sds-er. De ôftraap is foar
Albert Ruiter, tsjinwurdich wenjend yn
Gordyk.*

Albert Ruiter fuotballe fan syn 8^e oant syn 20^e by SDS. Hy is begûn yn de E's en is eindige yn SDS 4, it 'sûpalvetal' sa as Albert dat sels neamt.

Yn de jeugd wie er faak mid-mid, wylst er yn it fjirde meastentiids as foarstopper yn it fjild stie.

Albert hat net in soad blessures hân en belibbe qua fuotbal yn de B's syn hichtepunt. It wie yn in wedstriid tsjin kampioen Skearnegoutum dat se 15 – 3 it skip yn gienen, mar Albert makke de trije goals, allegear út in frije traap.

Oan twa trainers yn it bysûnder hat Albert goede herinneringen. De bruorren Jippe en Jelle-Jan Holwerda koene harren hiel goed motivearje; ‘Jippe stie as in gek lâns de line as we foar stiene en as it wat minder gie fertelde er ús yn 'e

rest dat it wol goed komme soe. In prachtige man’.

Syn tiid by SDS 4 wie machtich. ‘Dat wie in moaie tiid, mei mannen as Daan Boersma, Freddy Skeltema en Klaas Overal. Nei de wedstriid oanstekke by Jan Bergsma en dan nachts let pas nei hús. Ja, de tredde helte wie hiel wichtich yn die tiid. De ‘trainingskampen’ op Skylge wiene ek spesjaal. Mei de hiele ploech yn 'e haadstrjitte op it terras te roppen en te razen. Mei Jehannes Nauta de lêste boat misse en dus in dei letter nei hús. In moaie tiid!’

Op syn 20^e is Albert stoppe. ‘Ik hie myn nocht en woe wolris wat oars. Ik bin wat draven gien en ik ha in skoft folleybald’. It SDS fan no folget Albert (op de foto steand twadde fan lofts) fia teletekst en Omrop Fryslân.

SvB



Útnoeging Sportpark “De Skoalleseize” Easterein



Troch de ynset, moed en mankrêft fan ferskate bedriuwen, bestjoer en net te ferjitten frijwilligers is er der in skitterend renoveard en útwreide trainingsfjild realisjere.

Wy binne dan ek bliid om jo út te noegjen foar de iepening fan dit nije fjild op **FREED 30 SEPTIMBER o.s.** Jo binne wolkom om 19.00 oere yn de kantine op it sportfjild.

It bestjoer fan Stifting Sportfjilden “De Skoalleseize”

PROGRAM FOAR DE IEPENING

FREED 30 SEPTIMBER 2005

- 19.00 oere: Wy ûntfange graach de gasten yn de kantine.
De kofje stiet klear.
- 19.30 oere: Wurd fan wolkom troch Feike Jorritsma, foarsitter fan “De Skoalleseize”.
Gelegenheid foar taspraken.
- 20.15 oere: Tiid om it fjild te iepenjen troch de wethâlder fan gemeente Littenseradiel, de hear M. Jelsma.
- 20.30 oere: Wedstriid F pupillen fan vv SDS. (2 x 10 minuten)
- 21.00 oere: Hapke en slokje in de kantine.
- 22.00 oere: Slúting.

Trefferkes

Heit en soan dei

It like sneon wol in heit en soan dei by SDS. Moarns stiene heit Roel en soan Peter efter de bar yn de kantine. Yn Boalsert spilen heit Jelle en soan Ids (A2) by SDS 5 tsjin RES 1. Yn Ljouwert wie it hielendaal feest: Soan Pytrik (A1) spile mei heit Sipke en Tjeerd Dijkstra spile mei beide soannen Bauke (A1) en Jelte Pieter (B1) mei SDS 5 tsjin Nicator 1.

Oprop

Wa hat myn pet fûn? Juster wie ik mei pake Popko in blokje om op 'e fyts en doe ik yn sliep fûl is myn pet fan myn holle fallen. Pake wie bliikbaar ek net al te wekker want dy hat it net yn de gaten hân. Wa hat myn Bob de Bouwer pet fûn? Wierskynlik bin ik him ferlern tusken Wommels en Easterein of yn 'e Súdhoeko. Foar de earlike finer hat myn pake fêst wol in lolly oer. Groetnis Tom.



Tom yn bettere tiden. mei syn pet fan Bob de Bouwer.

Kantine

De kantine is sûnt koart ek te berikken per e-mail. Dit is it adres:
sds.kantine@planet.nl

Dûbele linen

At in linemakker in foutsje makket mei it linemeitsjenn dan is dat net samars fuort te wurkjen. Harm Bergsma kin normaal sprutsen wol aardich koers hâlde, mar wie it paad no hielendal bjuster.



Skerp wêze!

De A-Junioren stean klear om it fjild op te gean. Klaas de Haan ropt: skerp begjinne mannen!

We rinne it fjild op, sille begjinne. Mar wêr is Klaas ús grinsrjochter?

Oan de ferkearde kant by de gasthearen. Ek harren flaggenist wie yn 'e war, hy stie ek oan de ferkearde kant.

Wat soe Klaas bedoele mei skerp begjinne?

(Marco Hoekstra)

Join the winning team?

SDS 3 is noch net hielendal útwinkele op de spilersmerk. Ates-Feikes de Boer wurdt ek noch altiten neamd as nije oanwinst. Ates hat krekt in nei hûs kocht yn Wommels en is hjir drok yn oan 'e gong. Hy hat hjirtroch noch net

traine kinnen en hat dan ek noch net foar Nijlân 1 fuotballe. De doar nei SDS bliuwt hjirmei noch altiten op in kier stean. SDS 3 hat al witte litten serieuze belangstelling foar him te hawwen. SDS 3 hat alfêst oan inkelde betingsten foldien. Sa is der al in âld-Nijlander oanlutsen by SDS 3(Theo Postma) en wurdt Ates geregeld holpen yn syn nije hûs troch in spiler fan SDS 3. It sil ús benije.

Nei Mc Donalds

De âldtsjes witte krekt hoe't se de jongeren stimuleare moatte. Ype Tiemersma en Trienus de Jong (fan SDS 4) hiene de jonge mannen fan B1 en A2 tasein dat se mei in goed resultaat trakteard waarden. En wêr kinne je sokke jonges in gruttere guenst mei dwaan as in ritsje nei Mc Donalds. Mei in Big mac yn de mage en de mayonaise noch om it kin kamen Jelte Pieter en Eeltsje Postma tefreden yn Easterein oan. Sy wolle wol wer ris mei.

Stiet net

SDS hat prachtige Coachjassen. It moat al raar wêze dat dy immen net goed stiet. Ofrûne tongersdeitejûn reinde it hûnen en katten. It wie sels Willem Wijnia te bot. Sa as gewoan wie hij sûnder jas yn Easterein. Dochs koe hij der net ûnderút om ek mar in jas oan te dwaan. Lokkich hong der in Coachjas. Wol wat oan de grutte kant mar in wie wol de rêding. Sneon moast de jas werom. Dêrom koene wij sneon tsjûge wêze fan it feit dat Willem mei in jas oan yn Easterein kaam. Dêrmei waard ek dúdlik dat de Coach-jas sommigen perfoarst net stiet.

Opfallende broers

Jappie Wijnia tipte ús noch oer it folgende. It docht bliken dat der 5 spilers by SDS E1 spylje dy 't in broerke by SDS F1 fuotbaljen hawwe. Dit binne se:

SDS E1 - SDS F1

Harm Kappe - Karst Kappe
Jan Peter Bootsma - Gert Jan Bootsma
Teun Heeres - Wiebe Heeres
Allert Turksma - Idsert Turksma
Frans Dooper - Remco Dooper

Wiksel

Meinte Wesselius siet as heit fan Sybren bij A1 te sjen. Bij it sjen fan it spul kamen bij him âlde herinnerings op. Hij fertelde dat hij ek op it middenfjild fuotballe en de fraach wie op lêst wa't no better wie: Meinte of Sybren.

Krekt foar tiid waard Sybren om taktyske redenen wiksele.

"Sjoch Meinte, Sybren krijt in publykswiksel", dat hasto fêst noch nea hân" waard er oan de kant sein. En dêrmei hiene wij gelyk in antwurd op de fraach.

Jonges jimme hawwe gelyk, mar.....

Forige wike spile SDS 3 tsjin Frensjer mei as skiedsrjochter de ús allegear bekende Age Tigchelaar. Yn de twadde helte soarge hy foar in memorabel momint. Gerlof Veldstra gie foar SDS 3 hielendal allinnich as in spear mei de bal op de keeper fan Frensjer ôf doe 't hy ûnderút helle waard troch in Frensjerter. De SDS 'ers ropten(??) om in reade kaart en krigen as reaksje fan Age; "jonges jimme hawwe hielendal gelyk mar ik geefgeel".

Aginda

Wannear	Wat	Wêr
30 sep.	Nije trainingsfjilden wurde iepene	Efter de sporthal
1 okt. om 14.30	Kompetysje: SDS 1 – Viboa 1	Skoalleseize
1 okt	Sjoerd van Beem wurdt 25 jier!	Thús
4 okt	Bistedei	Yn 'e bistetún
7 okt. om 20.00	Futsal: Avanti 2 - SDS 1	Stiens
8 okt. om 12.30	Kompetysje: Noordscheschut 2 - SDS 2	Noordscheschut
8 okt. om 14.30	Kompetysje: Noordscheschut 1 - SDS 1	Noordscheschut
12 okt om 20.00	Futsal: SDS 1 - FFS 1	De Greidhoeke
15 okt..om 14.30	Fryske dei mei as útsmiter de ienige Fryske derby yn de 1 ^e Klasse: SDS 1 BCV 1	Skoalleseize
15 okt. fanôf 20.00	Troanies Rocknacht!	It Dielshûs
16 okt.	In drokke dei! (Willem syn heit, skoanheit, suske en Durk Okkema binne jierdei)	Wommels, Lollum en Easterein
19 okt. om 20.00	Futsal: SDS 1 - Ens 1	Greidhoeke
22 okt.	Beker-/ynhel-wykein	
24 okt.	Kopy datum treffer	By de redaksje
28 okt. om 20.30	AFC Ajax - SC Heerenveen	Yn 'e Arena
4 nov.	De nije Treffer komt út!	Easterein en omkriten.
14 nov.om 20.00	Ledenfergadering SDS	Kantine Skoalleseize
7 jan. 2006	Snertinne, snertite, kwise	Kantine Skoalleseize
10 augustus 2007	SDS bestiet 60 jier	Easterein en omkriten

